

Roadtrip troch de Skriezekrite

Troch JPD

Yn it begjin fan de hjerst fan 1960 stapte de skriuwer John Steinbeck (1902-1968) yn syn GMC-motorhome 'Rocinante, neamd nei it hoars fan Cervantes' Don Quichote – dy namme stie ek op de portieren fan de truck skildere. Hy ried fan syn wenplak Sag Harbord deun by New York it noarden yn en bigoun, biselskippe fan syn aristocratske 'Wandergesell', de poedel Charley, oan in 'roadtrip' fan likernôch 16.000 kilometer troch syn heitelân, de VS. Op earstet stik fan de route troch Vermont en New Hampshire kaem er ûnder de bitsjoening fan itjinge in 'indian summer' neamd wurdt. Kleare loft, diznich strykljocht tusken en boppe de bosken, oerdei noflikke temperatuer, blêdden yn alle kleuren fan de reinbôge. Lâns de lytse diken oeral kreamen mei steapels goudkleurige pompoenen, readbrune kalebassen, kuorfolle reade, swiete appels. Jerrycans fol mei farsk parse sider (it boek 'The Ciderhouse Rules' fan John Irving, spilet ek yn dy kontreijen).

Sa 'n indian summer-eftige dei - klare loft, sinneskynwaer, in koeltsje út súdwestelike rjochting en in boesgroentsjetemperatuer - wie sneon 29 oktober ek, doe 't in kloft kuijers tsjin klokslach ien ûre fan by de herberch 'By Us Thús' yn Aldegea-W de stap der yn sette, ûnderweis troch de skriezekrite Aldegea-Idzegea, sa 't de Gerben Rypma Stifting dizkear de Kulturele Kuiertocht affisearre hie. It earste doel lei op in pear hûndert meter bûten it doarp: de buorkerij fan Frank en Sieta Ypma. Dêre stiene Frank en syn heit to wachtsjen om tekst en útliz to jaen oer harren wize fan buorkjen (nêr biologysk), mei likernôch 90 melkekij en oanfok, keallen en pinken. De âlde stâl hat op itselde sté plak romme foar in nijen dy 't, sa bliek út de taljochting, net greater is, mar boud om it fé in noflikere sté ta to skikken. It docht bliken dat dat risseltaten opsmyt, byg. yn de molkjeft en de sounens fan de bisten. De keallen wurde sûnt de nijbou ek oars opfokt. Earst komme se yn in lytse kabine mei in tek op, hwant bûtendoar. In fase fierder komme se (bûtendoar) yn in soarte fan iglo, mar rinne ûnderdak frij om op in tsjok stribêd. Yn de âlde sitewaasje hie it jongfé gauris longproblemen troch û.o. ammoniakdampen. Sûnt de nijbou is dat noch selden it gefal, anneks dêrmei is it medisyngebrûk tobek roun. Der wurdt geregeld strie by struid, mar net faek mjukse; in soarte fan potstâl-idé. De rûge

dong dy 't sa ûntstiet wurdt wol omsetten en letter brûkt op lân dat diel útmakket fan de 'skriezekrite, hast tsjin de spoarline oan. It is, mei al it lytse wrimelt dat der yn húsket, gaedlik foar fûgels en is ûnderdiel fan it biologysk forskaet (sa 't dat yn de jierren 50/60 bistie) dat ien fan de driuwfearren is by it buorkjen fan de maetskip. Hoewol, de fûgels hawwe it dreech omt alle soarch en muoite dy 't de skriezeboeren oan harren bisteegje, faek toneate dien wurdt troch eksterne faktoren, binammen predatoren - foks, murd, fret, roek, kobbe, ensafh. En omt dy net fûgelfrij binne is bistride in muoisum barren. O wearlich, as jo in foks of sa nei de oare wrâld helpe! Dat nitelt de boer wolris; syn tsjinlûd, ûntliend oan de praktyk, makket by de polityk liket it wol krekt safolle leven as it ratteljen fan in skieppeloarte yn in breidene klots...

Deun by dat stik lân hat de maetskip in stik greide dat mei help fan in lyts wynmoterke splis setten wurde kin foar de fûgels. Dêrnjonken leit in timpe groun, mei wylde strûken en allerhanne reidrûchte oerwoechsen, dat fan it boerelân ôfskoattele is mei rounom in feart deromhinne. Dit is, waerd forhelle, it 'Joadske tsjerkhôf'. It hat neat mei Joaden út to stean, mar alles mei swalkers, paupers en oare rânefiguren, dy 't de wrâld útkoarre. Fan 1463 oant ca. 1580 (it jier fan de Herfoarming) stie oan de Rigedyk (tusken Aldegea en Heech) oan de Skuttelpoel it nonnekleaster Nazareth. De grouwe beginen, de oarder dêr 't se ta bihearden, stiften njonken dat kleaster en in buorkerij ek in lyts sikehûs. Flechtlingen, swalkers en slachtoffers fan de striid tusken Skieringers en Fetkeapers founen dêre in feilich plak, waerden forsoarge. Alle pasjinten oerlibben fansels de kwalen en krupsjes net en moasten bigroeven wurde. Yn Idzegea woenen se gjin 'ûnbisniene filistinen' yn de fan in preester wijde groun fan it tsjerkhof begrafe. Doe is dit lytse hôf ûntstien. Rillegau nei de Reformaesje waerden kleasters sljochte, dêrnei bleau it iuwen oanien deastil op dit sté. Oant yn de 19^e ieu it spoar tusken Snits en Starum oanlein waard. Doe waerden der yn de buert barakken set foar it wurkfolk. Op in stuit wennen der yn dat kamp mear minsken as yn Aldegea. It wie rûch folk en der waerd wolris fochten, dat soms útroun op deaslach. Sa 'n slachtoffer waerd dan nei alle bitinken op dat 'joadehôf' bigroeven, hwant yn de grêfregisters fan Idzegea binne der gjin gegevens fan to finen. Yn 1886 is it spoar yn gebrûk nommen en it kamp opdûkt.

Nei dit nijsgjirrige yntermezzo, dêr 't in protte lju ûnbikend mei binne, waerden de fiters fan it skuonark oanhelle foar de lêste étappe oer it rinpaed troch de Pinepolder bylâns it skolperjend wiet fan 'e Idzegeasterpoel nei it Klokhûs fan Idzegea, nei Weide Weelde- en Skriezekrite- boer Reijenga, dy 't de kofje brún hie. Hjir presintearren Eeltsje Hettinga en Lotte Middendorp harren fideo-poëzij-project 'It Font', dat koartlyn furore makke op de Frankfurter Buchmesse, it Frysk Museum en Museum Belvédère, Oranjewâld. Nei de suksesfolle bondel 'Ikader' (ûnderwilens útforkocht) siet Eeltsje Hettinga to brieden oer hoe nou fierder. Eins woe er it roer finael omsmite en dan moetsje jo op in stuit yn 'e boekwinkel op it Ljouwerter stasjon in kreas frommiske dy 't jo to wurd stiet, dat geandewei de kontakten in soarte fan geastessibbe blykt to wêzen, in studinte fan de kunstacademy, dy 't fan jongsôf fasinearre is troch biweegjende bylden en wetter. De sé, fiere kimen, in sleat, einekroas, in klif, fisken - in famke-fisk, seit de dichter earne yn dizze syklus oer syn kompanjon - binne ek de dingen dy 't him algeduerich yn 'e bisnijing nimme kinne. It is nei ca. trije jier stûf arbeidzjen in barren wurden fol lyryk en epyk. Súnstjes fuortweagjende taelbylden (neat digitaal bigûchele!) fan de gedichten, dy 't tagelyk foardroegen wurde, bringe de skôger ta rêst, lit him yn de geast fierder saeije, fier oer igge en seame hinne, suver kontemplatyf. David Colmer hat de teksten nei it Ingelsk oersetten. Fryslân (GR Stifting as stiper) kin greatsk wêze op dit kunstwurk, dêr 't in part fan útkommen is as in leporello (harmonicaboekje) dy 't der qua typografy nijsgjirrich útsjocht; in moai oantinken oan in 'indiansummer-kuijer' – teffens it begjin fan in fornijend tiidrek yn de Fryske poëzij?

Doe 't de sinne allinkendewei tuolle, waerden yn 'Tre Paesi' (Trije Lannen) yn Aldegea de earste bierkes efteroerslein, it ûnderwilens forneamde 'romsitten' wie bigoun.